

Lesprogramma
Wettermuzyk



ifountains

Bolsward Johan Creten ^{BE} • Dokkum Birthe Leemijer ^{NL} • Franeker Jean-Michel Othoniel ^{FR}
Harlingen Jennifer Allora & Guillermo Calzadilla ^{VS CUB} • Hindeloopen Shen Yuan ^{CN}
IJlst Shinji Ohmaki ^{JP} • Leeuwarden Jaume Plensa ^{ES} • Sloten Jorge & Lucy Orta ^{ARG GB}
Sneek Stephan Balkenhol ^{DU} • Stavoren Mark Dion ^{VS} • Workum Cornelia Parker ^{GB}

Wetter! Do sjochst it, fielst it,
priuwst it, rûkst it en hearst it.
Wat betsjut wetter foar dy?

Lústerje nei reindrippen

Klik op 'e drip om de fideo ôf te spyljen

I Fraachpetear (nei oanlieding fan it filmke):
ORIÏNTEARJE

Opdracht

Reindrippen hawwe ferskillende klanken, om't se hieltyd op ferskillend materiaal falle.

- Watfoar reindrip klinkt foar dy moai?
- Wêrom?
- En giet dizze langsum of fluch?
- Op hokker materiaal soesto de reindrip falle litte wolle?
- Hoe soe dat klinke?

Ferskillende ritmen: reindrippen falle yn in bepaald tempo. It giet fan langsum nei fluch, fan in bytsje nei in soad. Sa ûntstiet der in komposysje mei klanken fan fallende wetterdrippen.



Foto
Jacob Essen

We sille de muzikale kant fan wetter ûntdekke!

Bytiden moatsto troch de rein nei skoalle. Do swimst yn it wetter of farst derop en elkenien drinkt wetter. De natuer hat wetter nedich: sûnder wetter kinne wy net bestean.

Wetter hat ferskillende lûden, it kin drippe, reine, hagelje, streame, brûze, mar by wetter kin ek stilte hearre.

Harkje nei wetterlûden

Klik op 'e drip om de fideo ôf te spyljen

II Opdracht yn groepkes:

ÛNDERSYKJE

- Hokker wetterlûden binne der?
- Mei hokker ynstruminten soesto wetterlûden meitsje kinne?
- Kinsto dêr in komposysje, in muzykstik mei meitsje?

Neist muzykynstruminten kinsto ek glêzen wetter folje om der muzyk mei te meitsjen

glêzen wetter en muzyk

Klik op 'e drip om de fideo ôf te spyljen

Meitsje in muzykstik

III Meitsje mei-inoar in muzykstik
'in muzykferhaal', in komposysje! Brûk:
wetterlûden, stiltemominten, tempo, ritme,
kontrast, fariaasje
ÚTFIERE

- Elk groepke lit it muzykstik en de wetterlûden hearre.
- Oare bern lústerje en jouwe nei ôfrin feedback.
- Watfoar gefoel krigesto by it muzykstik?
EVALUEARJE

IV Harkje nei (klassike) muzyk 'mei wetter':

Herbie Hancock: Raindance.
De bern sille hjir reinlûden yn werkenne.

Claude Debussy: Reflets dans l'eau.
In wjerspegeljende ympresje.

Maurice Ravel: Jeux d'eau:
Pianistyske wetterspatten.

Camille Saint-Saëns: It akwarium
(út it 'Carnaval der dieren')

V Meitsje in eigen liet of rap!

Meitsje in eigen Kletterdei-
liet of Fontein-rap! Do
meist no mei dyn groepke
in eigen liet of rap betinke.
Brûk de lûden út de
'wetter'komposysje dy'tsto
yn opdracht 3 brûkt hast,
mar no mei sang of rap! Do
meist der ek oare muzyk by
brûke. Tema: 11fountains yn
Fryslân!

Dit lesprogramma kaam ta stân by it
fiifjierrich bestean fan 11fountains yn Fryslân.

©Projektburo.frl - 2023 yn gearwurking mei
SLO – leerplankader kunstzinnige oriëntatie.

